

- Gearkomste** : 12 july 2017
- Wurklistnûmer** : 06
- Ûnderwerp** : Fryske Guozzeoanpak 2017-2020 en Feroardering Wet
Beliedsprogramma : Natuerlik Kapitaal
Registraasjenûmer : 01414437
Portefeuillehâlder : J.G. Kramer
- Behanneljend amtner** : K.G. Talma en G. Mensink (06) 29 24 66 76, Pool Advys, K.G. Talma Pool Advys
- Oanlieding** : Op 24 septimber 2014 hawwe Provinsjale Steaten de Fryske Guozze-oanpak 2014-2020 fêststeld. Dêrby is ek ôfpraat om de útfiering dêrfan te evaluearjen. Nei oanlieding fan dy útkomsten is in oanskerpe útfiering útwurke yn de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020. Om dy útfiering mooglik te meitsjen moat de Feroardering Wet natuerbeskerming Fryslân 2017 oanpast wurde.
- Europeesje kontekst** : Ynternasjonaal wurdt yn AEWA (Agreement on the Conservation of African-Eurasian Migratory Waterbirds)-ferbân gearwurke om de groeiende trekguozzepopulaasjes yn Fryslân en de skea dy't se tabringe oan te pakken. Yn oerienstimming mei ôfspraken tusken it Ministearje fan Ekonomyske Saken en IPO is de Nederlânske dielnimming yn hannen fan de provinsje Fryslân, yn 'e mande mei Ekonomyske Saken,. Der wurde plannen útwurke foar de paugoes (brandgans) en de skiere goes (grauwe gans). De finansiering dêrfan moat noch ynfolle wurde. Ferwachte wurdt dat de plannen ein 2018 klear wêze sille..

Koarte gearfetting : Ut de tuskenevaluaasje fan de Fryske Guozze-oanpak 2014 docht bliken dat it haaddoel dêrfan Ut de tuskenevaluaasje fan de Fryske Guozze-oanpak 2014 docht bliken dat it haaddoel dêrfan, ntl. in fermindering fan de skea troch guozzen mei 5-10% yn 't jier (of in fikse fermindering neffens it kolleezje-akkoart) net helle is.. Om de skea troch winterguozzen werom te bringen binne oanfoljende maatregels nedich. Dy maatregels moatte in balâns sjen litte tusken in fikse reduksje fan de skea oan de iene kant en beskerming fan guozzen oan de oare kant. Fierders is it winsklik dat belanghawwende jagers, boeren en natuerorganisaasjes, elk mei in eigen fyzje en rol, safolle mooglik mei de maatregels ynstimme kinne. Dat is útwurke yn de Fryske Guozze-oanpak 2017-2020. Om de útfiering dêrfan mooglik te meitsjen is oanpassing fan de Feroardering Wet natuerbeskerming 2017 needsaaklik. De beliedsnota 'Gans in Balans' moat op ûnderdielen ek oanpast wurde.

Beslútpunten :

1. Fêststellen fan de útfieringsnota Fryske Guozze-oanpak 2017-2020;
2. Fêststellen fan it erratum by de beliedsnota 'Gans in Balans';
3. Fêststellen fan de wiziging yn de Feroardering Wet natuerbeskerming Fryslân 2017.

Taheakke :

1. Rapport: Fryske Guozze-oanpak evaluaasje –2017;
2. Erratum beliedsnota 'Gans in Balans';
3. Utfieringsnota Fryske Guozze-oanpak 2017-2020;
4. Wiziging Feroardering Wet natuerbeskerming 2017.
5. Graskwaliteit notitie Alterra 29 maart 2017
6. PCLG advies
7. Scenario's en onderbouwing

Taljochting :


Kontekst : Op 24 septimber 2014 hawwe Provinsjale Steaten de Fryske Guozze-oanpak 2014 fêststeld. It haaddoel fan dy oanpak is in fikse fermindering fan de skea oanbrocht troch guozzen, formulearre as in fermindering mei 5-10% yn 't jier. Tagelyk wurdt yn de oanpak rekken hâlden mei it duorsum yn stân hâlden fan de ynternasjonaal beskerme guozzepopulaasjes

Probleemstelling : It werombringen fan de skea troch de guozzen mei 5-10% yn 't jier is net slagge.

Probleemanalyze : De belangrykste konklúzjes út de evaluaasje binne:

- Der binne ferskillende faktoaren dy't fan ynfloed binne op de grutte fan de skea, wêrby't net dúdlik oanjûn wurde kin wat de oarsaak of oarsaken binne fan it tanimmen fan de skea;
- It is fan belang om in goed balansearre pakket maatregels gear te stallen mei genôch stimulâns foar de útfierende partijen om dermei oan 'e slach te gean;
- De skea troch trekguozzen nimt net ôf, mar ta.* De útkearde skea hie alle jierren mei 5-10% ôfnimme moatten yn de ôfrûne perioade. Dat is net slagge. De taksearre skea is grutter wurden.


Grafyske foarstelling fan de tanimming fan de skea



Figuur 9. De jaarlijkse gezamenlijke schade aan de landbouw, gemeten in getaxeerde schadebedragen, nam ten tijde van het nieuwe beleid met resp. 19 en 24% toe ten opzichte van de periode 2011-2013 (opgave Faunafonds).

d. *It útkearde skeabedrach is gelyk bleaun.* Dat komt omdat de priis fan it gers yn dy perioade leger wie as yn de referinsjiejierren. Per saldo is der dus, nettsjinsteande de tanommen skea, net mear skeafergoeding útkeard. *De oantallen guozzen bliuwe gelyk.* De ôfrûne jierren bliuwt it oantal guozzen yn Fryslân stabyl. Wat wol feroaret binne de oantallen fan de ferskillende soarten yn de trekguozzepopulaasje dy't oerwinteret. It tal blesguozzen (kolganzen) sacket wat, wylst it tal paugozzen noch hieltyd tanimt. Omdat de paugoes hjir langer bliuwt as de blesgoes is der mear skea.

Grafyske foarstelling fan de tanimming fan it tal paugozzen



- e. *Aksjes om de guozzen te ferjeien bliuwe achter.* In ûnderdiel fan de guozze-oanpak is it funksjonearjen fan foerazjeargebieten. Dy hawwe as doel om guozzen de mooglikheid te jaan yn alle rêst fretten te sykjen, sadat se minder opfleane en de skea him dêr konsintrearret.. Aksjes binne nedich om de guozzen dêrhinne te jeien. Ut de evaluaasje docht bliken dat sokke aksjes, benammen yn (it begjin fan) de maitiid sterk achterbliuwe;
- f. *De skea dy't troch simmerguozzen feroarsake wurdt sakket justjes.* De oanpak om dy skea te redusearjen liket dus oan te slaan.

Neist de evaluaasje kin sein wurde:

- g. De guozze-problematyk is in kompleks, mearsidich probleem, dêr't ferskillende faktoaren de grûnslach fan binne en dy't ek freget om mearsidige oplossingen.

Doelstelling / beëage effekten:

: Oanpassing fan de Feroardering Wet natuerbeskerming Fryslân 2017 sadat it mooglik wurdt om mei in oanskerpe pakket maatregels de útfiering fan de guozze-oanpak sa te feroarjen dat de reduksje fan de skea troch guozzen fan 5-10% yn 't jier dy't wy foar eagen hawwe dochs noch helle wurdt. It is fan belang dat de útfierende partijen (brûkers fan de grûn, jagers en natuerorganisaasjes) dêrmei oan 'e slach geane.

Risiko's

: As de feroardering net feroaret, giet mei yngong fan it winterseizoen 2017-2018 automatysk in winterrêst yn fan fjouwer moanne. Krekt sa'n winterrêst (yn kombinaasje mei foerazjeargebieten) blykt in ûnwinsklike maatregel te wêzen. Yn sa'n perioade kin skea ntl. net bestriden wurde.

Yn de Wet natuerbeskerming is regele hoe't omgien wurde moat mei it ferjeien fan guozzen wêrby't guozzen ek ôfsketten wurde. De provinsje hat it foech om dêr oanfoljende regels foar op te stellen en hat dat ek dien troch beheiningen op te lizzen as it giet om bygelyks it brûken fan lokmiddels. Sokke oanfoljende regels wurde no skrast omdat it de ynset fan de jagers te folle beheint. Dat kin liede ta (mear) juridyske prosedueres.

By de ymplemtaasje fan de oanskerpe oanpak krije jagers rommere mooglikheden om guozzen te ferjeien wêrby't guozzen ek ôfsketten wurde. Under oare troch it mooglik te meitsjen om lokmiddels te brûken. Dêrmei komt in grutte ferantwurdlikheid by de jagers te lizzen. It brûken fan lokmiddels foar it ferjeien fan guozzen leit maatskiplik gefoelich. Dat komt ta utering yn de beswieren fan de terreinbehearende organisaasjes tsjin it brûken fan lokmiddels. De akseptaasje fan it brûken fan lokmiddels stiet of falt mei in goed gebrûk derfan. De ferantwurdlikheid om hiel sekuer om te gean mei sokke ekstra mooglikheden leit by de jagers en de jagersorganisaasjes.

Sawol op basis fan soarchfâldigens as op grûn fan jurisprudinsje moat de provinsje in maksimum tal guozzen fêstlizze dat ôfsketten wurde mei. Dêrmei wurdt foarkommen dat yn ien jier of ien perioade safolle guozzen ôfsketten wurde dat it yn stân hâlden fan de soarte yn 'e knipe komt. Deputearre Steaten makket no yn de Fryske Guozze-oanpak in beliedsmjittige ôfwaging en kar en stelt it maksimum tal guozzen dat ôfsketten wurde mei heger as inkeld en allinnich ekologysk sjoen winsklik is troch de maatskiplike kontekst ek meiwage te litten. Dy beliedsmjittige kar is makke omdat de skea de lêste jierren tanommen is ta maatskiplik ûnakseptabele proporsjes. Fierder kin de skea dy't ûntstiet troch it fretten fan de guozzen net mear bekostige wurde út de beskikbere budzjetten. It fêststellen fan hegere maksimum oantallen guozzen dy't ôfsketten wurde meie kin oanlieding wêze om beswier en berop yn te stellen of om om hanthaveningsaksjes te fersykjen, omdat sokke hegere maksimum oantallen ekologysk net te ûnderbouwen binne.

Probleemoplossing

: *De oarsaken fan it guozzepleem (haadlinen fan it probleem)* Nederlân (en foaral Fryslân) is op dit stuit in ideaal ferbliuwplak foar trekgoozzen. Sêfte winters yn kombinaasje mei, ek foar guozzen, positive feroaringen yn 'e lânbou en feilige sliepplakken op relatyf koarte ôfstân fan elkoar, soargje foar in poerbêste libbensomjouwing foar trekgoozzen. Der binne mear lokale en ynternasjonale faktoaren dy't in rol spylje:

- Troch klimaatferoaring duorret it groeiseizoen langer sadat der mear fretten beskikber is en de omstannichheden op de briedplakken (foarearst) better binne.
- Yntinsivearring fan de feehâlderij troch it brûken fan heechproduktif, enerzjy- en aaiwytryk gers makket it boerelân o sa produktif en jout guozzen folop fretten. Sawol de kwaliteit as de kwantiteit fan it iten dat guozzen winterdeis krije is tanommen. Dat hat derta laat dat mear guozzen de winter oerlibje, in bettere kondysje hawwe en mear jongen krije.
- Bettere beskerming en minder druk troch de jacht op harren trekrûtes.
- Ynternasjonale ûntwikkelingen op harren trekrûtes soargje derfoar dat guozzen nei oare gebieten útwike, bygelyks Nederlân/Fryslân. Sa is bygelyks it gebrûk fan greidlân yn de ferbliuwsgebieten yn de Baltyske steaten feroare. Fierders binne yn it Eastseegebiet mear see-earnen waarnommen. Guozzen mije dy gebieten no. Fryslân is as provinsje yn tel by benammen wintergoozzen fanwegen:
 - It oantal, de sprieding en de omfang fan wiete natuergebieten jout guozzen in grut netwurk fan feilige sliepplakken. Dy sliepplakken binne rûnom yn de provinsje te finen. De kombinaasje fan sliepplakken en geskikte gebieten dêr deunby om te foerazjearjen (agraryske gerslannen) makket it lânskip ideaal foar oerwinterjende guozzen.
 - De lizzing fan de provinsje Fryslân yn it noarden en dêrmei in moaie útfalsbasis foar de guozzen foardat se nei harren briedgebieten ôfsette.
 - It gers yn Fryslân heart Europeesk sjoen ta it bêste gers, ek foar de guozzen.

Hjir moat by opmurken wurde dat de ynfloed fan gers op it gedrach fan guozzen beheind is. Dat docht bliken út in ûndersyk fan Alterra. Dat buro jout oan dat it siedzjen fan 'biologysk gers' net liede sil ta minder skea. Sels yn it gefal dat biologysk gers wat minder oantreklik wêze soe, is der per saldo net minder skea te ferwachtsjen. Yn dat gefal trekke guozzen nei gerslannen yn 'e buert dy't oantrekliker binne. De skea sil dêrtroch yn dy foar guozzen "optimale" perselen tanimme, benammen ek omdat guozzen de oerstap nei planten dy't se ite kinne en foar harren gunstich binne fluch meitsje kinne.

Proses

Mei de boere-organisaasjes (LTO en NMV), de jagersorganisaasjes (Jagersvereniging en NOJG) en de

terreinbehearende organisaasjes (IFG, NM en SBB) is in proses trochrûn om ta in mienskiplike evaluaasje fan de perioade 2014 o/m 2016 te kommen. Dat hat laat ta it troch alle partijen ûnderskreaune evaluaasjedokumint.

Dêrnei is mei dyselde útfierende partijen praat oer de wizigingen yn de oanpak. It doel fan dy oerlizzen hat altyd west om in pakket maatregels te formulearjen dat liedt ta in oanskerpe oanpak dêr't de skeareduksje dy't wy foar eagen hawwe mei berikt wurdt. Yn dat proses binne in moai oantal farianten opsteld dy't yn oerlis mei de partijen byinoar brocht binne ta trije senario's. Yn al dy senario's sit in stevich gearhingjend pakket maatregels en se foldogge mear of minder oan de stelde rânebetingsten en útgongspunten. It meast realistyske senario is útwurke yn de Fryske Guozze-oanpak.

Uteinlik koene It Fryske Gea en Natuurmonumenten net ynstimme mei dat senario. Dy organisaasjes koene harren achterban net útlizze dat it foerazjeargebiet justjes lytser wurdt en de mooglikheden foar de jagers folle rommer wurde. De oare partijen geane mei de oanskerpe oanpak oan 'e slach omdat it nedich is dat der wat oan de problematyk dien wurdt. Wat trouwens net sizze wol dat alle ûnderdielen fan de oanpak ûnderskreaun wurde. Foar alle partijen sitte der pynlike punten yn. Dy partijen binne it wol iens oer it hiele pakket en de gearstalling dêrfan. Dat betsjut ek dat wiziging fan guon ûnderdielen fan de oanpak derta liede kin dat dy gearhing en it draachflak ferlern geane.

By it beoardieljen fan de senario's is fan ûndersteande útgongspunten útgien:

- a. De oanpak foldocht oan de wetlike beskerming fan guozzen;
- b. De oanpak past binnen it budzjet;
- c. De skea dy't guozzen feroarsaakje moat omleech;
- d. Brûkers fan de grûn krije fergoeding foar de guozzeskea;
- e. Yn de oanpak sit foar grûneigners genôch stimulâns om sels, yn gearwurking mei jagers, by te dragen oan reduksje fan de skea;
- f. It ynsetten fan de maksimale mooglikheden om guozzen te ferjeien wêrby't guozzen ek ôfsketten wurde.

Jimme organisearje as Steaten in expertmeeting oer it bestriden fan de skea. DS nûget PS útdruklik út om de útkomsten fan dy expertmeeting mei te nimmen yn de diskusje yn jimme gearkomste. Fierders jouwe wy jimme yn omtinken om it wurkjen mei mobile ferjeiteams mei te nimmen yn jim oerlis.

**Foarkaroplossing/
Yntegrale ôfwaging**

: De útstelde oanpak

Yn de útfieringsnota Fryske Guozze-oanpak 2017-2020 is it senario útwurke dat op it measte draachflak rekkenje kin en dat past binnen de stelde rânebetingsten en útgongspunten. Yn haadsaak hâldt dat senario yn dat de foerazjeargebieten justjes lytser wurde (mei 10% yn ferliking ta de grutte dy't op syn minst

nedich is) en de winterrêst ferfalt. De perioade dat foerazjeargebieten jilde rint fan 1 novimber oant 1 april. Yn ferbân mei it weifallen fan de winterrêstperioade jout DS útdruklik oan om de term 'foerazjeargebieten' te feroarjen yn 'rêstgebieten', omdat dy term better oanjout dat it in alternatyf is foar de winterrêstperioade. De skeafergoeding yn de foerazjeargebieten bliuwt 100%, dêrbûten wurdt dy 80%. Wannear't dat net ta minder skea liedt, wurdt de skeafergoeding it jier dêrop ferlege ta 50% mei in ferrekensystematyk wêrby't de boeren in hegere fergoeding fertsjinje kinne as de skea tebekrint. In beslút ta ferleging nei 50% skeafergoeding sil troch DS nommen wurde en PS sil dêroer ynformearre wurde. Rêst om sliedplakken hinne bliuwt garandearre troch de al opsette maatwurkoanpak. Wêr't de partijen gjin ôfspraken meitsje, sil in generike 'net-sjitte-sône' van 150 meter jilde. Ferwachte wurdt dat wy dêrmei binnen it beskikbere budzjet bliuwe. Boeren en jagers binne ree om it pakket út te fieren en wy ferwachtsje dat de skea dêrmei minder wurde sil.

Der wurdt noch mear ynset op it beheinen fan skea, mar ûnderwilens wurdt ek nei oare oplossingen sjoen mei as doel om, wannear't der oer in skoft wer mear balâns is tusken rêst foar de guozzen en skea foar de boeren, sokke alternative oplossingen ek yn te setten. Wêr't dat mooglik is, sil dat op basis fan frijwilligens wêze (b.g. oar lânboukundich gebrûk, it brûken fan lasers ensfh.).

Mei it yn de Fryske Guozze-oanpak opnommen pakket maatregels rinne de ferwachte kosten tebek fan sa'n € 12 miljoen (op dit stuit) nei sa'n € 10 miljoen. Dat is ek nedich, omdat it budzjet weromrint troch it weifallen fan de provinsjale bydrage. Dy wie beskikber fan 2014 oant it winterseizoen 2016/2017. Troch dy provinsjale bydrage hoegde it folsleine budzjet út it natuerpaktjild net ynset te wurden. Mei it net-bestege budzjet út it earmerke natuerpaktjild is in needsaaklike risikoreservearring opboud fan op dit stuit € 3,6 miljoen. Dat earmerke budzjet wurdt brûkt as risikoreservearring foar ûnferwachte grutte skea of foar it gefal dat de priis fan it gers ynienen omheechgiet. As de priis fan it gers mei € 0,06 (it ferskil tusken de heechste en de leechste priis fan de ôfrûne jierren) omheechgiet, hat de provinsje in ekstra lêst fan € 2,7 miljoen. It risiko dêrfoar leit by de provinsje. It is winsklik om in risikoreservearring oan te hâlden fan sa'n € 6 miljoen foar ekstra skea en hegere prizen fan it gers, foaral omdat der wat tiid oerhinne gean sil foardat de guozze-oanpak it ferwachte effekt hat.

Yn oktober is der gjin foerazjeargebiet. As der yn oktober ek in foerazjeargebiet komme soe en der moat in skeafergoeding yn dy gebieten komme (gjin skeafergoeding bûten de foerazjeargebieten), kostet dat sa'n € 1,3 miljoen yn 't jier. It saldo fan de reservearring bliuwt dan sawat gelyk oan it hjoeddeistige nivo fan € 2,7 miljoen.

Tabel mei oersjoch fan kosten, budzjet en reservearring (bedraggen yn miljoenen euro's)				
	2017	2018	2019	2020
Ferwachte kosten	€ 12.000	€ 9.775	€ 9.775	€ 9.775
Budzjet	€ 13.145	€ 10.920	€ 11.000	€ 11.600
	----- -	----- -	----- -	----- -
Subtotaal	€ 1.145	€ 1.145	€ 1.225	€ 1.825
Saldo reservearring (foar risiko's)	€ 2.500	€ 3.645	€ 4.790	€ 6.015

De alternative oanpak fan IFG en NM

It Fryske Gea en Natuurmonumenten binne fan betinken dat mei in oar pakket maatregels effekt berikt wurde kin. De oanpak dy't dy beide partijen útstelle komt foar in grut part oerien mei de hjoeddeistige oanpak en is op guon punten sels in útwreiding. Sa bliuwt yn harren senario de omfang fan it foerazjegebiet gelyk, mar de perioade dat de foerazjegebieten jilde wurdt útwreide fan fiif nei seis moanne, troch de moanne oktober ta te foegjen. De winterrêst ferfalt dêrfoaroer yn dat senario. De skeaffergoeding dy't boeren bûten de foerazjegebieten krije bliuwt 95%. De preemje foar it (frijwillich) meidwaan oan de foerazjegebieten moat dêrom ek bestean bliuwe. Mei't dit pakket de ôfrûne trije jier net laat hat ta minder skea, wurdt net ferwachte dat de skea mei dit pakket no wol minder wurdt. Fierders komme de kosten rom boppe it beskikbere budzjet. Alle jierren kostet dit senario € 2 - € 3 miljoen mear as dat der budzjet beskikber is. Dêrby is noch gjin rekken holden mei in eventuele hegere priis fan it gers.

Feroardering Wet natuerbeskerming 2017 en beliedsnota 'Gans in Balans'

Om de Fryske Guozze-oanpak mooglik te meitsjen moat de fer-oardering op ûnderdielen oanpast wurde. It giet dan sawol om it bestriden fan de skea as om it beskermjen fan de guozzen. Dat hat oan 'e iene kant te krijen mei rommere mooglikheden om de skea te bestriden en oan 'e oare kant moatte garânsjes fêststeld wurde sadat foarkommen wurdt dat de ynstânhâldingsdoelen yn 'e knipe komme.

De beliedsnota 'Gans in Balans' moat op guon lytse ûnderdielen oanpast wurde fanwegen in erratum. Dat komt troch it detaillearre aard fan dy beliedsnota. Saken dy't wizige wurde moatte binne bygelyks de fergoedingen foar de foerazjegebieten en de regels foar de paugoes en de blesgoes.

Yn Bylage 1 (Scenario's en ûnderbouwing) binne de oare sceanrio's fierder beskreaun en taljochte

Útfiering : Boeren (de brûkers fan de grûn), jagers en terreinbehearende organisaasjes geane mei de útfiering oan 'e slach. Yn WBE's (Wild Beheer Eenheden) sil yntinsiver gearwurke wurde tusken jagers en brûkers fan de grûn.
Yn de FBE (Fauna Beheer Eenheid) wurdt de útfiering koördinearre. De partijen binne dêryn fertsjintwurdige. Brûkers fan de grûn yn de foerazjeargebieten en de guozzekollektiven geane meielkoar oan 'e slach mei de frijwillige oanmeldingen foar partisipaasje yn de foerazjeargebieten. BIJ 12/Faunafonds (it útfieringsorgaan fan de tolve provinsjes) ynventarisearret de skea en keart de skeafergoeding en de preemjes foar de foerazjeargebieten út.

Monitoaring/evaluaasje : Conform de in de Fryske Guozzenoanpak 2014 vastgelegde afspraak zal tenminste eenmaal per jaar met betrokken partijen de voortgang worden besproken

Stjoering : Utfiering Fryske Guozze-oanpak 2017-2020: Deputearre Steaten
PS sil ynformearre wurde oer de fuortgong. Sadree't har wizigingen foardogge yn it belied ('Gans in Balans'), yn de útfiering fan de Fryske Guozze-oanpak of yn de feroardering, sille dy oan PS foarlein wurde foar beslútfoarming.

Ferfolchproseduere : De Wizige Feroardering Wet natuerbeskerming Fryslân 2017 sil nei it beslút fan PS op ynsjen lein en publisearre wurde. Foar de preemjes yn de foerazjeargebieten sil troch DS in subydzjeregeling opsteld wurde. PS sil ynformearre wurde oer de fuortgong sadree't him wizigingen foardogge yn de útfiering, sa as in wiziging yn de skeafergoeding en de skeaûntwikkeling

Oare punten : -

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok , foarsitter

A.J. van den Berg , sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Fryske Guozze oanpak en PS**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan oangeande de Fryske Guozze oanpak 2017-2020

Mei it each op

Oerwagende dat :

- De Fryske Guozze-oanpak 2014 net laat hat ta it doel, ntl. in fikse ôfname fan de skea troch guozzen mei 5-10% yn 't jier;
- Oanskerping fan de útfiering needsaaklik is om dat doel dochs noch te berikken;
- It om de útfiering fan oanfoljende maatregels mooglik te meitsjen, needsaaklik is om de Feroardering Wet natuerbeskerming 2017 op guon punten oan te passen;
- De beliedsnota 'Gans in Balans' op guon ûnderdielen oanpast wurde moat.

Beslute :

1. Fêststellen fan de útfieringsnota Fryske Guozze-oanpak 2017-2020;
2. Fêststellen fan it erratum by de beliedsnota 'Gans in Balans';
3. Fêststellen fan de wiziging yn de Feroardering Wet natuerbeskerming Fryslân 2017.

Sa feststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan 12 july 2017

drs. A.A.M. Brok , foarsitter

G.W. Huisman , griffier

